

Steatefraksje FNP
o.f. dhr. W. Veenstra

Ljouwert, 23 augustus 2016
Ferstjoerd, **23 AUG. 2016**

Us merkteken : 01341021
Ofdieling : Provinsjale Wettersteat
Opsteld troch : H.Talsma / (058) 292 50 45 of hendrik.talsma@fryslan.frl
Jo merkteken :
Taheakke(n) :

Underwerp : Beântwurdig skriftlike fragen oer it provinsjaal bermbehear

Achte hear Veenstra,

Jo skriftlike fragen op grûn fan kêst 39 fan it Reglemint fan Oarder, ynkommen op 30 juny 2016 beântwurdzje wy as folgt.

Fraach 1:

Kloppet it dat der de lêste tiid wer folle mear fan de bermen, sleatskanten en oerhoeken meand wurdt as der earder ôfpraat wie? Hokker oarder fan grutte (m²) hawwe wy it dan oer?

Antwurd fraach 1:

It strykt net dat der de lêste tiid wer folle mear meand wurdt. Yn 2011 binne wy oerstapt op it minder maaien fan berms; útsein de sichtstroken meane wy de hiele berm 1x of 2x yn it jier en sleatkanten 1x yn it jier. Foar 2011 meanden wy hast alle berms en sleatkanten 2x yn it jier. Ta fergelyk mei 2011 meane wy no in lyts bytsje minder berms 1x per jier, mar dat ferskil sit him benammen yn de feroaringen fan it areaal (ûnder oare de nije N381 en Sintrale As). Berms fan nije diken wurde meastentiids 2x meand om ta ferskrieling te kommen en ta bestriding fan probleemsoarten (ûnder oaren stikels). Op termyn wurdt dat 1x yn it jier. Fierder is it sa dat faker meane foar in oantal berms op benammen swiere/fruchtbere grûn ek better is, omdat dit mear blommen opleveret en foar minder ferwyldering soarget.

Fraach 2:

Kinne jo oantoane dat it ôfprate bermbehear, wêrûnder it ekologyske aspekt, noch hieltyd skerp en neffens de oarspronklike ôfspraken útfierd wurdt troch de leanbedriuwen en oaren? Graach jo ûnderbouwing.

Antwurd fraach 2:

Dat kinne wy. It meanen is yn kontrakten op de merke setten en hjir stean alle oantallen en meanbeurten yn. Fansels wurdt it meanwurk troch tafersjochhâlders yn 'e gaten hâlden.

Fraach 3:

Binne jo mei ús fan miening dat it tsjinstridich oerkomt dat de Provinsje in soad publisiteit jout oan it saneamde Bijenlint, dat ek aardich wat jild koste hat, wylst der mooglik troch minder te meanen neffens de doelen fan 2011 itselde resultaat helle wurde kin?

Antwurd fraach 3:

It doel fan it Bijenlint kin yndied diels behelle wurde troch minder te meanen en mei ekologysk bermbehear. De provinsje docht dit dus al. Wol binne der oare ynstânsjes dy't, yn stee fan it klepeljen en lizze litten fan gers, no oerstappe nei ekologysk behear fan dielen wat yn it lint falt. Dit is posityf foar de floara en fauna. It Bijenlint rekket it behear fan provinsjale berms hast net omdat it grutste diel fan de berms bûten it lint falt.

Fraach 4:

Binne jo noch hieltyd mei ús fan doel om fol yn te setten op yntegraal en ekologysk bermbehear, foar natuer, duorsumheid, lânskip, lânskipsbeleving en biodiversiteit? Wat dogge jo konkreet om leanbedriuwen, gemeenten en it Ryk hjir yn mei te krijen c.q. wer op te skerpjen?

Antwurd fraach 4:

Hjir set de provinsje har yndied noch hieltyd foar yn. As foarbyld kinne wy neame dat wy dwaande binne mei in pilot om berms yn te siedzjen mei blomrike mingsels. Dit kin neist it ekologysk bermbehear in ekstra tafoeging wêze foar de floara en fauna. By útfiering fan it provinsjaal bermbehear sit gjin doelstelling rjochting oare ynstânsjes. Dizze ynstânsjes ha har eigen belied foar it bermbehear.

Mei rju achtinge,

Deputearre Steaten fan Fryslân,

 loco
J.A. Jorritsma, foarsitter


A.J. van den Berg, sekretaris